



## Keatssport hat ferlet fan in prof-elite

*“Kaatsen, voor velen in Nederland nog onbekend, is in Friesland volkssport nummer één”, sa fernijt de “thússide” fan it Keatsmuseum ús. Wie it mar wier. It keatsen bliuwt beheind ta de greid- en bouhoeke, en fan de alve Fryske stêden is allinnich Frjentsjer in keatsstêd. En Frjentsjer is nostalgia. It hat mear ferline as takomst.*

*De takomst fan Fryslân leit yn hannen fan de groeikernen oan de A7. Drachten, It Hearrenfean en De Jouwer. Dêr tale hja net nei in keatsbal. Yn Sportstêd It Hearrenfean slane fuotbaljen en reedriden foar master op. Dêr falt eare mei yn te lizzen, sis mar: dêr is wat oan te fertsjinjen. It keatsen is in sinterske negoasje.*

Dat hat it reedriden yn Nederlân ek lang west. Ride op natoeriis, dêr wiene wy hjir goed yn, de Friezen wiene op de koarte baan net te ferslaan. De iene nei de oare spekriderij wie harres. Yn winters dat it frear dat it knapte, wiene de bêsten suver semy-profs. Mar in negoasje bleau it. Dêr kaam by dat it in typysk nasjonale sport wie. Men koe der gjin Europees, wrâld- of olympysk kampioen mei wurde. Dêr moasten jo de lange baan foar op. Wa't no it kommersjele sirkus sjocht dat it langebaanriden as sport yn stân hâldt, kin him amper mear yntinke dat it noch gjin fyftich jier ferlyn is dat kommersjele noch in flokwurd wie yn it fermidden fan it reedridersbûn. Hja wiene doe, mei sportpionier Pim Mulier, fan betinken dat mei it jild de duvel yn 'e hûs helle waard. Mar likemin as Mulier it troch him ferspilde betelle fuotbal keare koe, wie ek de komst fan de rynsk beleanne reedriders mar in kwestje fan tiid. Dêrta wie wol nedich dat se op ynternasjonaal nivo prestearre moasten. Yn de

jierren fyftich like dat der noch net op. Om yn it ritme te kommen, wiene se ôfhinklik fan strange winters en dy wiene hjir gewoan te min. Jild om de riders nei fiere poaloarden yn Noarwegen of Ruslân te stjoeren om oefenje te kinnen, wie der net, of se moasten it sels betelje, lykas Henk van der Grift, dy't yn Fagernes krekt sa lang op technyk treende oant er yn 1961 yn Gothenburg wrâldkampioen waard.

Dat iepene de officials de eagen. Woe Nederlân op ynternasjonaal nivo de konkurrinsje treast wêze, dan moasten de riders net mear ôfhinklik wêze fan it waar. Dy trochbraak, yn 1961 begûn mei de oanlis fan de Jaap Edenbaan yn Amsterdam, hat it langebaanriden net allinnich in grutte kwaliteitsympuls jûn, mar ek ûnder brede lagen fan de befolking populêr makke. Wat mear suksessen, wat mear aspirant-riders dy't har grutte idoalen neifolgje wolle, mar ek wat grutter it ferlet fan de idoalen om der wat mei


te fertsjinjen. Ard Schenk weage as earste de stap, dy't him min bekommen is, mar der wie gjin mis op dat dêrmei it profesjonele reedriden yn in streamfersnelling rekke. Rintsje Ritsma en Ids Postma waarden meinommen op 'e weach. De sportive suksessen hawwe har gjin wynaaien lein. Dat koe allinnich mar troch de stipe fan it publyk op 'e tribunes en fan de media dy't har prestaasjes yn de húskeamer bringe. Salang't publyk en media der waarm foar rinne, hâldt de sponsor syn ynteresse wol.

Sa “schaatsgek” Nederlân is, sa “kaatsgek” soe men Fryslân ek ha wolle. It keatsen hat sa syn beheinings, wurdt der sein. Hoewol besibbe oan tennis, dat in earsten televyzjesport wurden is, soe it foar in grut publyk te lestich wêze. Dat soe tagelyk de ferklearing wêze wêrom't de rûnte fan leafhawwers mar sa lyts is, útsein op de Frjentsjerter PC, as út alle hoeken en hernen fan it lân de leafhawwers tastreamde. Mar foar de measten dêre is de sport bysaak: in aardige oanlieding foar in feestlike dei.

Dat de PC as ynstitút hieltyd populêrder wurden is de lêste jierren, hat dan ek net hydroegen oan de populariteit fan de keatssport. Op de stikmannich fêste klassikers nei - de tradysje sit de Friezen yn it bloed - komt der by de haadklassepartijen mar in hantsjefol folk. Safolle hoecht men net te oerdriuwen om te sizzen dat ús topkeatsers

feitlik allinnich mar foar famylje en goekunde spylje. Dat keatsen hjir de folkssport nûmer ien is, lykas eartiids, kin men mei goed fatsoen net mear úthâlde.

It is te maklik en wiis nei de tiidkrapte fan de 21-ste iuske minske, dy't net mear in hiele of heale dei by in keatswedstriid sitte wol, as de



Der hawwe, sa't de tekening hjirboppe sjen, serieuze plannen west om de Voorstraat yn meitsjen foar ynternasjonale wedstriden (de Italiaanske spul). Der soe in losse iepen tribune de Voorstraat komme mei 360 sitplakken en oan de westkant (by it Sjúkelan) mei 250 pl



te fertsjinjen. Ard Schenk weage as earste de stap, dy't him min bekommen is, mar der wie gjin mis op dat dêrmei it profesjonele reedriden yn in streamfersnelling rekke. Rintsje Ritsma en Ids Postma waarden meinommen op 'e weach. De sportive suksessen hawwe har gjin wynaaien lein. Dat koe allinnich mar troch de stipe fan it publyk op 'e tribunes en fan de media dy't har prestaasjes yn de húskeamer bringe. Salang't publyk en media der waarm foar rinne, hâldt de sponsor syn ynteresse wol.


Sa "schaatsgek" Nederlân is, sa "kaatsgek" soe men Fryslân ek ha wolle. It keatsen hat sa syn beheinings, wurdt der sein. Hoewol besibbe oan tennis, dat in earsten televyzjesport wurden is, soe it foar in grut publyk te lestich wêze. Dat soe tagelyk de ferklearring wêze wêrom't de rûnte fan leafhawwers mar sa lyts is, útsein op de Frjentsjerter PC, as út alle hoeken en hernen fan it lân de leafhawwers tastreamme. Mar foar de measten dêre is de sport bysaak: in aardige oanlieding foar in feestlike dei.

Dat de PC as ynstitút hieltyd populêrder wurden is de lêste jierren, hat dan ek net bydroegen oan de populariteit fan de keatssport. Op de stikmannich fêste klassikers nei - de tradysje sit de Friezen yn it bloed - komt der by de haadklassepartijen mar in hantsjefol folk. Safolle hoecht men net te oerdriuwen om te sizzen dat ús topkeatsers

feitlik allinnich mar foar famylje en goekunde spylje. Dat keatsen hjir de folkssport nûmer ien is, lykas eartiids, kin men mei goed fatsoen net mear úthâlde.

It is te maklik en wiis nei de tiidkrapte fan de 21-ste iuske minske, dy't net mear in hiele of heale dei by in keatswedstriid sitte wol, as de

skuldige oan. De oast sit djipper. It keatsen hat de konkurrinsjeslach mei oare sporten dy't har allegear yn profesjonele rjochting ûntjûn ha, ferlern. Piet Jetze Faber jildt foar my as it foarbyld fan de komplette keatser, mar hy is al wer in moai tal jierren ferlyn ophâlden, en der binne sûnt gjin talinten bykommen dy't syn klasse belykje kinne. De



Der hawwe, sa't de tekening hjirboppe sjen lit, om 1980 hinne serieuze plannen west om de Voorstraat yn Frenstjer geskikt te meitsjen foar ynternasjonale wedstriden( doe noch peloaten en it Italiaanske spul). Der soe in losse iepene tribune oan de súdkant fan de Voorstraat komme mei 360 sitplakken en in losse oerdutsen ien oan de westkant (by it Sjúkelan) mei 250 plakken. Fierder wie der op

de banken romte foar 726 minsken. Dy plannen wienen mooglik wat te ambisjeus, it is yn alle gefal neat wurden. Inkelde jieren letter is by De Trije (iepeno yn 1982) in peloatebaan oanlein. Dy wurdt oars amper brûkt en itselde jildt foar de keatsmuorre by Blomketerp (iepeno yn 1997). (red. De Keatsfreon)



De Keatsmuorre by Blomketerp yn oanbou.

kwaliteit fan de keatsers dy't op it heechste nivo keatse, is boppedat te ûngelyk om fan topsport prate te kinnen. De progressy is alsa marginaal.

Ik sil hjir net nochris oanfiere dat troch de komst fan de nap it spultsje in soad fan syn oantreklikheid ferlern hat, mar dat dêrtroch in protte folk thúsbliuwt, stiet wol fêst. De measte keatsers sjonge lykwols de lof fan dizze útfining, dat útsjoch op ôfskaffing is der ynearsten net. Troch de rein oan boppe- en kweaslaggen dy't de nap feroarsaket, bliuwt it publyk opskipe mei fierstentefolle deade

mominten. Dy tekenje de profesjonaliteit út soarte net.

Der is, tinkt my, in bettere wei om én it nivo te ferheegjen én de minsken werom te winnen. Stel in profesjoneel elitekorps fan de bêste keatsers gear, stel in toptrener-coach oan en meitsje har op syn minst fjouwer dagen yn 'e wike frij foar wedstriden. Mei seis oant acht partoeren kin it wol ta. Ried harren net inkeld ta op it Frysk spul, mar sykje oansluting by de ynternasjonale top yn België en Spanje dy't him taleit op jeu de pelote en llargues en meitsje fan dy útlânske spultypen mear as in

tradisjonele boarterij op it Littenser pleintsje. Jou De Trije der ek in folwoeksen rol yn, dy Frentsjerter akkommodaasje wurdt no yntinsiver brûkt foar oare funksjes as foar it keatsen dêr't se, alteast yn namme, foar ornearre wie.

Troch sa'n stevich programma dat de gong en dus it ritme deryn hâldt - hûndert partijen is it wol it minste - kweke jo toppers, dêr't it folk nocht oan krijt. Dêr't de jeugd dy't de takomst hat, ek wer niget oan ha sil, en net inkeld dy út de bewende bou- en greidedoarpen, mar ek út de stêden. Faaks hat de Ljouwerter LKC dan kar út eigen kweek om nei fjirtich jier werris hege eagen te smiten op de Freule.

De kosten, freegje jo? Ja, earst is in fikse ynvestearring nedich, mar as dy har útbetellet yn sukses, komme de sponsors fansels.

Ik jou ta: sa'n idee is fansels te healwiis om op in KNKB-gearkomste mei oan te kommen.

Dat moat ek net, tradysjes kinne jo yn dat fermidden net samar oan de kant skowe. Nee, sa'n plan moat yn de weak lein wurde. Belis, om te begjinnen, breinstoarmsessys yn de Bogt of It Grauwe Paard mei sokke âld-, mar noch net lang útpraten toppers as De Brand - dochs de Ard Schenk fan de keatsery - en Piet Jetze, Sake Saakstra, de Van Wierens of wa't him of har mar roppen fielt om it keatsen wer ta folkssport nûmer ien te meitsjen, en lit de geasten waaie. En haw lak oan tradysjes.

Pieter de Groot

## Gouden jubileum

1899 - 1949

### Gouden jubileum fan de keatsvereniging

St. Anna fiert fandaach een feest,  
Een jubile fan goud,  
De keatsvereniging fan 't dorp  
Wordt fyftich jaren oud.  
Wat binn' er in dy fyftich jaar  
Een bult partijen keatst,  
Wat binn' der in 'e Avila  
Een bovenslaggen plaatst.  
De Súdugs van St. Annemet  
Dat waar de grote dag,  
Dan woei op elke hoek fan 't land  
De rood-wit-blauwe flag.  
Excelsior gaf op 'e tint  
Een fleurich stik mesyk,  
En om 'e touwen ston een haach  
Fan groot en klain peblyk.  
De waaie, fris in 't Meitiedsgroen,  
Die lael er prachtich bij  
En de alderbeste keatsers gawven der  
Inander flink partij.  
De Idsen, Tesde, Nanning, Keut,  
de Belkummers de Haan  
Wat hê se faak in 't fuur fan 't spul  
Hier in 'e krite staan.  
Maar ok St. Anna speulde met,  
Gewoanlik het petuur  
Fan Rinze, Arrien, Dirk de Jong,  
By kwammen dan in 't fuur,  
Wat leefden w. alle gear dan met  
As Rize een boven sloeg  
Soms over 't hek de grippel in,  
Dat waar wel feer genoeg.  
As jonges waren we in 't spier  
Met keatsanmerkerij  
En skelmden soms er met een keats  
Wel ris een handbrê bij.  
Maar och, de pries-gong meestal fort,  
Al keatsen ze ok best,  
Der in 'e 2e omloop of,  
Al wonnen se 't soms hest.  
Maar dan de jonges út ons dorp,  
Die waren heel wat mans.  
En kwammen faker as een kear  
Naar huus toe met de krans.  
In '18 wonnen Hannes, Ype en Rinze  
Te Wommels de eerste pries,  
De gouden klokkies kwammen hier  
Wat waar St. Anne wies!  
En tien jaar later nag een kear,  
Met Jan en Teun en Bändrik  
En fleden jaar doe had St. Anne  
Al weer een reuze kans.  
Men winste Bergsma al geluk,  
Maar ja, die spul is út,  
Vijf eersten is, nag niet genoeg,  
De premie waar 't besluit.

